



# **IN LEKKER STEL**

**(Een lekker stelletje)**

**Klucht**

**fan**

**BERT PEETS**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN LEKKER STEL – EEN LEKKER STELLETJE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **BERT PEETS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

EMMY DORLAND - in jonge aktrise, wennet sûnt koart tegearre mei Nyk.

NYK GROENENDAAL - in jonge akteur.

MIA - buorfanke, past op it hûs fan Emmy en Nyk.

JEANINE DORLAND - muoike fan Emmy, type âldfrijster.

MARIA BARTELS - freondinne fan Jeanine, min of te mear selde type.

HARRY GROENENDAAL - omke fan Nyk, kaptein op de grutte feart.

GERRYT VAN TIKKUM - syn jongere boatsman.

LOES NIJHOF - in wat âldere aktrise, spilet by itselde selskip as Nyk en Emmy.

## **DEKOR:**

It stik spilet yn de hierwente fan Emmy en Nyk, yn in lanlike omjouwing, ergens boppe-yn de Noardeastpolder krekt ûnder De Lemmer. In gesellige keamer mei in soad ljocht en moderne meubels. Dúdlik de wenning fan in jong stel. Ergens in doar nei de gong en de oare fertrekken, en in doar nei de keuken. Midden achter túndoarren, mei útsjoch op in terraske dat jûns ferljochte wurde kin. Oanklaaie en yndiele nei eigen ynsjoch en smaak, mar mei yn elk gefal in telefoan, in bar en in skimerlampe.

## EARSTE BEDRIUW

*(in middei yn de simmer)*

### SÊNE 1.1

**EMMY:** *(leit op har gemak yn in lisstoel op it terraske te lêzen, ûnder de parasol. Se ropt nei de keuken)* Mia! Wolst my wat te drinken bringe? En nim sels ek wat. It is fierste lekker waar om no binnen te sitten.

**MIA:** *(ropt werom)* Kola?

**EMMY:** Okee! As it mar light is.

### SÊNE 2.1

**MIA:** *(komt mei de drankjes, se jout Emmy de kola en giet sels ek sitten)* Ik ha der iisblokjes yn dien.

**EMMY:** *(proast mei Mia en drinkt)* Hearlik! Is Nyk al werom?

**MIA:** *(skodhollet fan nee)* It giet grif goed mei de fangst, dat er sa lang weibliuwt.

**EMMY:** 't Is net te hoopjen, want dan meisto de fisk bakke. Ik moat al spuie at ik oan fisk tink.

**MIA:** *(wiist nei it hûs derneist)* Likest ús mem wol. Dy lit it bakken ek altyd oan my oer. Mar ik doch it mei alle wille hear. Is Nyk eins sa gek op fisk?

**EMMY:** Wol nee, mar dat is it bernlike yn in man. HY hat se fongen en dan moat HY se ek opite. *(bûten wurdt fluite)* O, dêr silst 'm ha. Wolst in bierke foar him pakke?

**MIA:** Fansels! *(ôf)*

### SÊNE 3.1

**EMMY:** *(ropt oer de skouder)* Hast wat fongen, Nyk?

**NYK:** *(ropt werom, yn de kûlissen)* Ja, DY, mar dat is alwer in skoftsje lyn!

### SÊNE 4.1

*(Nyk komt op it terras. Hy hat oerdreaune stoere fiskersklean oan, bygelyks in âld broek, learzens, in kaki kleurich shirt en in striehoed. Hy hat angels by him)*

**EMMY:** Hast wier neat fongen?

**NYK:** *(set de angels tsjin de muorre en jout Emmy in tút)* Fjouwer grutte karpers. *(jout oan hoe grut at se wiene)* Sokke knapen! Mar ik ha se weijûn. Do meist se doch net. Do moatst fan de lucht allinne al spuie.

**EMMY:** Hoe riedst it?! *(Nyk ploft yn in stoel del)* Fynsto it ek sa fijn, twa wiken frij!

**NYK:** Hâld op. Ik wit my mei myn gelok gjin rie. Net yn dy âld bus, gjin foarstellingen. Fjirtjin hiele dagen sûnder soargen mei dy yn ús nije húske hjir oan de râne fan de polder! *(hy jout har in tút)* Te gek!

### SÊNE 5.1

**MIA:** *(op yn de keamer mei in fleske bier en in glês)* Hoi Nyk! *(se skinkt yn en set it glês binnen op tafel)* Kom toarteldokes, yn 'e hûs jimme, it wurdt fris bûten.

**NYK:** *(komt mei de earm om Emmy hinne de keamer yn. Tsjin Mia)* Fynst it net ferfelend dat we in skoft de hiele dei thús binne?

**MIA:** Nee hear, krekt gesellich!

**EMMY:** *(giet sitten)* Do krijst it grif drokker at wy de hiele dei thús binne.

**MIA:** Ik hâld fan minsken om my hinne.

**NYK:** *(drinkt Mia ta)* Wy fine it ek gesellich atsto der bist.

**MIA:** *(laket)* Elkenien gelokkich doch? Mar no moat ik wier nei hûs, oars wurdt ús mem liik. *(ôf)* Doe!

### SÊNE 6.1

**NYK:** *(giet by Emmy op de leuning fan de stoel sitten)* Befalt it byelkoar wenjen jo noch altyd, mefrou Dorland?

**EMMY:** Treflik, menear Groenendaal, tanke!

**NYK:** Logysk, fansels.

**EMMY:** Hoesa?

**NYK:** No, at ik it goed sjoen ha, draacht jo fantastyske freon jo op hannen en is hy de meast ideale partner dy'tst mar betinke kinst.

**EMMY:** *(spilet it mei)* Mochten jo dy snuiter tsjinkomme, sis dan mar dat hy net sa arrogant wêze moat.

**NYK:** Jo bedoele dat hy net...?

**EMMY:** Och, hy is net ûnaardich, soms sels leaf, mar de meast ideale partner? Dat is eh... nochal oerdreaun.

**NYK:** Dat tinke jo, mefrou, omdat jo kyk op it leven en it byelkoar wenjen, tink ik, folslein fertroebele is.

**EMMY:** Fertroebele?

**NYK:** Trochdat jo jûn oan jûn yn ferskate teaters yn it lân foarstellingen spylje, dy't op de ien of oare manier de leafde en it byelkoar wenjen, skeine.

**EMMY:** No ja!

**NYK:** Auteurs hâlde derfan om situaasjes sa te fertekenjen, dat der neat fan de wierheid oerbliuwt.

**EMMY:** Ik ha jo ek wol es oars praten heard, menear Groenendaal!

**NYK:** O ja? Dan bewiist dat allinne dat ik doe net hielendal normaal wie.

**EMMY:** Krekt! En dat binne krekt de situaasjes dêr't de toanielskriuwers harren troch ynspirearje litte. De net normale omstannichheden. Binne dêr de measte kluchten net op basearre?

**NYK:** Mefrou, ik konstatare mei ôfgriis, dat we it wer oer ús wurk ha. En dat wylst we fakânsje ha. Dat dogge we dus net. It toaniel is in pear wike taboe!

**EMMY:** Tinksto no wier dat akteurs har sa lang stil hâlde kinne oer toaniel?

**NYK:** Mefrou, ik jou hjir gjin antwurd op en lit de mûle wat oars dwaan! (*hy tutet har*) Sa! En no sil ik earst dizze klean útsmite! (*sil ôf*)

**EMMY:** Fynst it eins net frjemd datst no al twa moanne neat fan jim omke heard hast?

**NYK:** (*draait him om*) Och, dy goede âlde seebonke swalket fansels wer op de lange weagen om en hat gjin tiid foar syn neefke. Gelokkich mar.

**EMMY:** Bisto net bang dat hy der oait achter komme sil dat do en ik byelkoar wenje?

**NYK:** Foarearst falt dat wol wat ta, en oer in pear jier mei er it witte. Dan kin ik wol sûnder syn bydrage leve.

**EMMY:** Eins bedonderje wy de boel, Nyk.

**NYK:** Se binne der noch wol minder as do en ik, doch?

**EMMY:** Foar dyn omke en myn muoike is it in ramp at se der achter komme wat wy dogge.

**NYK:** Se komme der net achter. Teminsten... net foardat we ússels royaal bedrippe kinne. Eins idioat, dat ik as in Groenendaal net by it leafste fanke fan de wrâld ynwenje mei, allinne omdat se Dorland fan achteren hjit.

**EMMY:** Krektlyk as omke en muoike yn har jonge jierren.

**NYK:** Ja, want wat ha wy, as puntsje by pealtsje komt, no mei de mislearre leafde fan dy omke en muoike te krijen? Ha wy ús der destiids soms mei bemuoid?

**EMMY:** (*mei in laits*) Do wiest doe min fjouwer en ik wie min acht.

**NYK:** Okee, wy wiene der doe noch net, mar stel dat we der wol west wienen?

**EMMY:** Wy hoegden ús dêr gelokkich gjin soargen om te meitsjen.

### SÊNE 7.1

**MIA:** (*hastich op mei in brief*) Ik rûn de post tsjin 't liif. Mei in brief foar dy, Emmy. (*se lêst it adres foar*) 'Juffer' Emmy Dorland!

**EMMY:** Dat moat fan muoike Jeanine wêze.

**NYK:** Kloppet! Ik soe oars gjinien witte dy't dy 'juffer' neamt.

**EMMY:** (*makket de brief iepen en lêst*)

**MIA:** Doe! (*ôf*)

### SÊNE 8.1

(*Emmy jout in gjalp*)

**NYK:** O jee. Wit se dat wy byelkoar yn wenje?

**EMMY:** Noch slimmer!... Harkje. (*se lêst foar*) Leave nicht. Atsto dizze brief krijst binne myn freondinne, juffer Bartels en ik al ûnderweis nei dy ta.

**NYK:** Ferrek! Muoike hjir? En se hat sa'n hekel oan reizgjen!

**EMMY:** (*lêst*) Do silst wol grutte eagen opsette, want grutte reizen ha ik nooit makke. No komt it der dan einlings fan. Ik sil mei juffer Bartels foar in pear wike nei har famylje yn Ingelân. Sy betellet, dus ik koe gjin nee sizze. Foar't we yn Lelystêd op it fleantúch stappe, komme we even (*lêst mei klam*) by DY en dyn FREONDINNE del!

**NYK:** No ja!

**EMMY:** (*lêst fierder*) Einlings kin ik no dyn studintekeamer sjen en ek hoe't it mei dyn stúdzje stiet.

**NYK:** O jee!

**EMMY:** (*lêst wer*) Hoe let at we by dy binne wit ik net krekt, mar we komme mei de taksy. Soargje derfoar datst thús bist. Dyn hospita hoecht gjin bysûndere dingen te dwaan, wy bliuwe net lang. Dyn leafhawwende muoike Jeanine.

**NYK:** Hoe betinkt se it, dy âlde doaze!

**EMMY:** Nyk, dit is in ramp. Wat moatte we no?

**NYK:** Wat moatte we no? Wat moatte we no? Dyn muoike Jeanine komt. Do silst har dus ûntfange moatte. Wa wit sitte se al yn de taksy en binne se ûnderweis hjirhinne.

**EMMY:** Mar dat ik by dy ynwenje? Wat tinkst dat se dêrfan fynt? En myn freondinne dy't net bestiet? En dy studintekeamer?



**NYK:** (*besiket grappich te wêzen*) Tsja! Leagens hawwe koarte skonkjes...

**EMMY:** (*lilk*) Do wolst my doch net ferwite...

**NYK:** (*bynt yn*) Wol nee berntsje... ik ferwyt dy neat...! Ik baal allinne dat dy muoike fan dy ús fakânsje bedjerre sil...

**EMMY:** Mar we moatte wol wat dwaan. At se merkt hoe't de situaasje hjir is... dan... O, Nyk, betink wat!!

**NYK:** Wat in leafhawwende muoike!

**EMMY:** Dat is se ek!

**NYK:** No! Dat is oan dy te sjen!

**EMMY:** Se is altyd goed foar my west sûnt ús heit en mem der net mear binne.

**NYK:** Okee...

**EMMY:** Mar at se heart dat wy byelkoar ynwenje...

**NYK:** Ja, stil mar! Ik ken it ferhaal...! Dit is sis mar dyn keamer. Do wennest hjir mei in freondinne fan dy en do studearrest. Dêr betellet se dy al trije jier alle moannen in aardich bedrach foar.

**EMMY:** At ik no tsjin har sis dat ik by toaniel gongen bin, en dat ik by dy ynwenje...

**NYK:** ...en datst dêr HAR kostlike sintsjes foar brûkt hast...

**EMMY:** Ik fiel my gewoan in oplicher.

**NYK:** Tsja! Ien kear komt se it doch te witten, it hong al wat yn de loft...

**EMMY:** (*kattich*) Dat seist net at it oer dyn omke giet.

**NYK:** Dy sil der wier ek wol es achter komme. Mar dan ha ik, hoopje ik, genôch fertsjinne, sadat ik him werom betelje kin wat hy my no yn de moanne taskoot.

**EMMY:** Dat jildt ek foar myn muoike.

**NYK:** Tsja...

**EMMY:** Se bliuwt mar hiel even, skriuwt se. We moatte har yn de waan litte dat alles hjir is sa't sy tinkt dat it is.

**NYK:** Sjochsto kâns om in freondinne en in hospita foar 't ljocht te toverjen? Dan bist klear. Ik kin wol te fiskjen oant muoike wer fuort is.

**EMMY:** We ha hjir noch gjin kunde en foar't der in pear kollega's út Amsterdam binne, stiet muoike al foar de doar.

**NYK:** Sis tsjin har datst net thús bist.

**EMMY:** Ja, hoe? Se is al ûnderweis en in mobyl hat se net. Se hatet minsken dy't de hiele dei op sa'n ding sitte te stoarjen, seit se.

**NYK:** (*sakket op in stoel del*) Dêr sitte we dan! Mei de kloaten foar 't blok en dat allinne, omdat dy muoike fan dy de pest hat oan

elkenien dy't Groenendaal hjit. Dêr komt noch by dat se wol datsto dokter wurdst.

**EMMY:** En at dy seefarrende omke fan dy der achter komt, datsto akteur wurden bist, is de boat ek oan.

**NYK:** Praat net oer 'boaten dy't oan binne'. Stel dat dy kaptein it yn de plasse helje soe om itselde te dwaan as wat dyn muoike fan doel is.

**EMMY:** Witsto wier gjin oplossing Nyk?

**NYK:** Nee! Net sa ien twa trije teminsten. At se no moarn of oermoarn kaam, dan wie 't samar klear. Dan fregen wy bygelyks Anny of sa om de rol fan dyn stúdzjegenoot en freondinne te spyljen en Loes om in pear oeren de klean fan in hospita oan te lûken.

**EMMY:** (*fearret omheech*) Hee! Mia soe foar myn freondinne trochgean kinne...

**NYK:** (*ek entûsjast*) Strak plan! Se is der slim genôch foar!

**EMMY:** Mar dy hospita...

**NYK:** Dy is... te boadskipjen of sa...

**EMMY:** Dat is te maklik tink ik. Muoike wol har fansels sjen, yn de kunde komme mei de frou dy't har nichtsje yn de hûs helle hat... (*se krijt in idee*) Wachtsje es, ik ha 't!

**NYK:** No sis op dan!

**EMMY:** DO bist de hospita!

**NYK:** Watte??!!

**EMMY:** Do bist frou Beimers, sa neam ik ha tsjinoer muoike altyd. Do kinst dat. Do hast op toaniel in skoft lang in fantastyske muoike fan Charley delset.

**NYK:** Ja, dat wie op toaniel. Do moatst in klucht net fergelykje mei it gewoane leven.

**EMMY:** Atsto by it grutte publyk sukses hast, doarst it dan net oan by muoike?

**NYK:** Emmy, leave...

**EMMY:** Atst werklik fan my hâldst dan dochst it...! (*telefoan*) Dêr silst se ha, om te sizzen dat se hjir oer in kertier is. (*nimt de telefoan oan*) Hallo!... Mei wa...? Groenendaal...! Jo prate mei... eh... mei de wurkster. Ja, ik sil jo neef even jaan, momintsje.

**NYK:** (*flústert yn panyk*) Omke Harry? (*Emmy knikt en jout him de telefoan. Nyk oerdreaun fleurich*) Hallo..., ha dy omke Harry! Binne jo wer es in Fryslân...? Watte?? Wol nee, dat hoecht net. Ik kin bêst nei jo ta komme...! O... o... Krekt! Watte...? Hoe komme jo dêr by...! Fansels fyn ik it fijn dat jo even delkomme. It is seker al hast wer in jier lyn, of net? Tsjin de jûn...! Prachtich...! In gesellich feestje bouwe...? Altyd klear...! Ja... eh... wat...? No... eh... oft dy kin dat

wit ik net! Wolle jo dy beslist sjen...? O... o... krekt...! Goed, ik sil besykje him hjir te hâlden... Ja... Oant aansen! (*leit de telefoan del en sjocht ferslein nei Emmy*)

**EMMY:** It sil doch net wier wêze? Komt HY hjir ek noch?

**NYK:** (*knikt*)

**EMMY:** Hoe let?

**NYK:** Tsjin de jûn!

**EMMY:** Dan is muoike yn elk gefal al wer fuort.

**NYK:** Dat wol. Mar... hy wol beslist mei Tom prate...

**EMMY:** Tom? Hokker Tom?

**NYK:** Dy fint dy't by my ynwennet. Hy sit op itselde advokatekantoar as ik.

**EMMY:** Do kletst út de nekke! (*laket*) Do as homo?

**NYK:** Nee ju, fansels net. Mar omke tinkt dat ik op syn kosten rjochten studearre. Hy soe graach in advokaat yn de famylje ha wolle. En om sels wat rommer yn de pegels te sitten ha ik in baantsje op sa'n advokatekantoar oannommen.

**EMMY:** Mei dy Tom?

**NYK:** Ja.

**EMMY:** Mar wêrom woe omke dan dat jim byelkoar ynwennen?

**NYK:** No, gewoan. Omke seach leaver dat ik, salang at ik noch net ôfstudearre wie, in hiel degelike freon hie ynstee fan allegear losse freondintsjes. Dus ha ik Tom betocht.

**EMMY:** Aha! Dus eins bin IK Tom!

**NYK:** Presys! Sa at IK dy freondinne fan dy bin! (*se moatte der tsjin alle tsjinslaggen yn om laitsje*)

**EMMY:** (*triuwt Nyk de kant fan de doar op*) Kom. Dy gau ferklaaie.

**NYK:** (*akselt tsjin*) Mar ik... at omke Harry komt dan...

**EMMY:** Binne wy toanielspilars of net?

**NYK:** Mar omke Harry....

**EMMY:** ...wol beslist mei Tom prate, doch?

**NYK:** (*knikt*)

**EMMY:** Wol... hjir stiet dyn freon Tom!

**NYK:** Hin? Do?

**EMMY:** Ja ik! Atsto teminsten de rol fan de hospita op dy nimst. Sjoch no net sa betinklik. Komeedzje is ommers ús fak!

**NYK:** Jawol, op de planken, mar...

**EMMY:** Hâldst echt fan my?

**NYK:** Twivelst dêr ek mar ien sekonde oan?

**EMMY:** (*docht de doar iepen*) Nei boppen do! Yn de kast hinget it kostúm fan de muoike fan Charley noch. Smink en in prûk lizze dêr ek. Soargje datst sa gau mooglik in leave hospita wurdst, dan

soargje ik derfoar datsto jûn hiel grutsk dyn freon Tom mei omke Harry yn de kunde bringe kinst!

**NYK:** Ik ha der earlik sein likefolle fertrouwen yn as yn de hûnderttûzen.

**EMMY:** Jou my in tút en beloof my datst dyn bêst dwaan silst. Takom jier bychtsje wy alles earlik op, sawol oan omke as oan muoike. At se ek mar in grisseltsje gefoel foar humor ha, sille se it ús ferjaan. Do silst it sjen. Dan laitsje se smaaklik om de klucht fan de pseudo – hospita en de pseudo – freon.

**NYK:** Do bist in rasoptimist, Emmy Dorland.

**EMMY:** En do bist in goede akteur. Do kinst it Nyk Groenendaal! Mar earst dy tút!


**NYK:** Ferdoarje... do hast gelyk...! Wy ha ús yn de nesten wurke, wy moatte ús der ek sels mar wer útskuorre. *(hellet har oan)* Rin do even nei Mia om alles út te lizzen. Ik sil my omklaaie. En tomkje dat it goed giet.

**EMMY:** Toitoitoi!! *(Nyk ôf)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**